

Wa't it him oan tiid
docht, kin syn doel
berikke

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Skiedsrjochter

Sipke Hiemstra reisget ôf nei Colombia foar syn fyfde ynternasjonale keatstoernoai

pagina 3>



Diamanten pear

Gymnastyk, tûnkje, fytse en rinne hâlde Pier en Hiltje Visser yn goede kondysje

pagina 3>



Tsjerke

Wommelsers kastleinspear keapat Foarhûststjerke en sil it ferbouwe ta wenning

pagina 5>

Griet Bos-Galema: 'Ik ha in gelokkich libben hân. Ik bin tefreden'

Wjelsryp - Hûndert en noch sa fitaal. Noch alle dagen sjocht Griet Bos-Galema út Wjelsryp nei de nijsprogramma's op de tillevyzje en lêst se de krante. Se hat in protte belangstelling om wat der om hinne bart. Foar de lytsbern breidet Griet Bos sokken en sneins heart se fia de tsjerketilfoan wat de Wjelsriper dûmny te fertellen hat. „Wy hawwe in goede dûmny en ik bin wiis mei him“, seit se yn in fraachpetear mei Siebe Haven fan de doarpskrante Ut 'e Buorfinne.

Troch Hinne Bokma

Ofrûne sneon fierde Griet Bos har hûndertste jierdei. Moarns krige se besite fan boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel, middeis wie der mei famylje en goekunde in feest yn doarpshûs Yn 'e Mande yn Wjelsryp en brocht it pleatslike korps Concordia har in serenade. De jubilaris wennet noch selsstannich oan de Westerein. Bysûnder is dat se noch nea yn it sikehûs lein hat.

Griet Galema kaam op 28 oktober 1917 yn 'e Lytse Buorren 22 yn Wjelsryp op 'e wrâld. Se wie it



Griet Bos-Galema krige op har hûndertste jierdei boargemaster Liemburg op besite.

earste bern fan Cornelis en Tjitske Galema-Reitsma. Nei har kamen kamen noch fiif broers en susters. „Der moast thús wol oanpakt wurde.

„Wy hiene it goed. It gie allegear rêstiger om en ta dan hjoed de dei en de famylje wenne hast allegear

yn 'e buert. Ik wie sa'n bytsje de mem fan myn tolve jier jongere suster Eke. Us Arend wie wol wat in boef; dêr koe ik min mei“, sa omskriuwt de hûndertjierrige har jeugdjierrren. „De earste kear nei skoalle ta, dat wie net bêst, mar gelokkich wie juf Oosterhaven in

hiele leave juf.“ Letter krige Griet juf Hageman. Dêr trof se it minder mei. „Ik begryp net dat sy ûnderwizeres wurden is.

Yn de jierren tritich krige se ferkearing mei Fedde Bos. It soe lykwols noch tsien duorje foardat se op it gemeentehûs yn Wommels inoar

it ja-wurd joegen. Nei harren houlik kaam it stel op 'e pleats oan 'e Oasterein te wenjen. No buorket beppesizzer Doekele op dat plakje. Oer de earste jierren op de pleats fertelt se dat it in tiid fan krapte wie. It wie in toer om de útset by elkoar te skareljen. Famyljeleden sprongen by.

Fedde en Griet krigen trije bern: Tjitske, Griet en Hendrik. Tjitske en Hendrik wenje no ek yn Wjelsryp, Griet wennet yn Wytmarsum. „It binne skatten, de alderleafste fan 'e hiele wrâld“, sa fertrout de jubilaris doarpskrante-ferslachjouwer Haven ta. Underwilens binne der 11 beppesizzers en 13 oerbepesizzers. Har man is yn oktober 2003 ferstoarn. Griet Bos komt út in sterk laach. Har mem Tjitske waard 99 jier. Broer Bote is no 97 en wennet yn Drachten en suster Eke út Frensjer is hast 88.

„Ik ha in hiel gelokkich libben hân“, seit se yn de Buorfinne. „Ik bin tefreden. Ik ha de bern om my hinne en ik krij help fan boppen. Jo fiele je net âld, jo fernimme it net.“ Wol moatte bern harren mem der op attentearje dat se by it rinne de fuotten optild. „Ik begjin wat te sloffen.“

In gaadlik boartersplak foar bern De Gielguorde

Mantgum - Woansdeitemoarn 18 oktober hat boargemaster Johanneke Liemburg it nije skoalplein fan De Gielguorde yn Mantgum iepene. It tema fan dizze feroaring is 'Meer actie(f) rondom school' mei as doel de bern bûtendoar in gaadlik boartersplak te jaan.

Der binne nije klim- en klautertastellen plaatst, nije tastellen foar de beukers en in omheind, ferhurde fuotbalfjild. As it bot reint hat en de measte fjildsjes yn it doarp dagen sompich binne, is it nije skoalplein it hiele jier troch de bern te brûken.

Trije en in heal jier hat it proses duorre foar de âlderkommissje. De wichtigste 'stakeholders', de bern, ha ek in grutte stim yn it plan han. Fanôf it begjin binne se der by belutsen wat der op it plein komme moast. Sa woene se graach in plak ha om te fuotbaljen sûnder dat de bal op it dak of yn de sleat bedarje koe.



Der waard daliks al flink boarte op de nije tastellen op it skoalplein yn Mantgum.

De bern fan de Gielguorde ha ek holpen jild op it kleed te krijen. Troch in sponsorloop, in lege-fles-senaksje en it ferkeapjen fan Jantje Beton-lotten ha se jild ynsammele. De âlderkommissje hat fûnsen en

subsydzjes oanskreaun wêrûnder it mienskipfûns fan de Provinsje, de Rabobank, Fûns Boalsert-Dronrijp, it Old Burger Weeshuis, P.W. Janssen's Friesche Stichting en Jantje Beton.

Al 20 jaar uw
haar onze zorg

't Kappershûs
www.kappershuis.nl

Tel: 0515 - 413372

ALLICHT

Verlichting • Lichtadvies
Onderdelen • Elektronica
www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl

Outletkroft 6 - 8601 EE - Sneek

fnp
Waadhoeke

List 3



FNP ferbynt!



INSTALLATIEBEDRIJF
Fa. J. v.d. Meer & Zn. v.o.f.

UITVERKOOP!!!
Van 4 november tot 23 december 2017

Alles moet weg!!
Korting tot wel **40%**

| | |
|-------------------|---------|
| Elektrolux wasm. | € 299,- |
| Lieherr koelkast | € 329,- |
| Elektrolux droger | € 299,- |
| Vrijdubare airco | € 249,- |

Doarpsstrjitte 21, 9021 CK Easterwierrum
Tel. 058 - 2501228 / 06-5111 2324

Timmer- & Aannemersbedrijf
van Ruiten
OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS